

# Wolkom by Tsjil Tsjekt!

Wat moai dat jim meidwaan sille!

Tsjil Tsjekt is in ynteraktyf programma. Yn it programma stelt presintator Raynaud Ritsma fragen oan de klasse, en jim jouwe antwurd yn de digitale omjouwing fan Tsjil Tsjekt. Mei de antwurden kinne jim punten skoare.

Wurdt jim klasse de 'Tsjilste klasse fan it jier?'



## Praktyske saken foar elke Tsjil Tsjekt

Dizze Tsjil Tsjekt giet oer 'Dyn nacht'.

It programma is te finen op [www.tsjiltsjekt.nl](http://www.tsjiltsjekt.nl) en bestiet út twa dielen dy 't jim sels ynplanne kinne.

Dit hawwe jim nedich foar de fragen en opdrachten oer 'Dyn nacht' yn dizze Tsjil Tsjekt:

- De ynlochkoade foar de Tsjil Tsjekt-omjouwing: yn dy omjouwing sjogge jim nei it programma en kinne jim de antwurden ynfierje. Noch gjin ynlochkoade? Freegje dy oan fia de oanmeldknop op de website [www.tsjiltsjekt.nl](http://www.tsjiltsjekt.nl).
- In apparaat mei in ynternetferbining (in tablet, laptop, chromebook ensfh.). Meardere apparaten om tagelyk wat op te sykjen kin soms handich wêze.
- It tydskrift Tsjil. Binne jim abonnee fan Tsjil? Yn Tsjil fan febrewaris stiet in tekst dy't jim nedich hawwe om it antwurd op ien fan de fragen te finen. Noch gjin abonnee? Brûk dan de pdf fan it tydskrift dy't te finen is op [www.tsjiltsjekt.nl](http://www.tsjiltsjekt.nl).
- Materialen om gau mei-inoar ta ien antwurd te kommen op in fraach: brûk bygelyks in 'wisbordje' om te stimmen oer de stelling of soargje dat alle learlingen in papierke hawwe om in antwurd op te skriuwen, sadat de antwurden sa gau mooglik sammele wurde kinne.

## Om alfêst oer nei te tinken:

- De Tsjallenge fan dizze Tsjil Tsjekt is: Meitsje fan in petfles in raket. Jim ha dêrfoar nedich: in petfles, in kurk, in fytsfentyl, in bypassende fytspompe, wetter en in kratsje (it lansearplatfoarm). Yn diel twa fan dizze Tsjil Tsjekt sjogge jim hoe't jim sa'n raket meitsje kinne. Filmje de lansearring en stjoer it filmke nei [tsjil@omropfryslân.nl](mailto:tsjil@omropfryslân.nl) en fertsjinje sa ekstra pompies!

## Sukses en in soad wille mei Tsjil Tsjekt!



### Mear dwaan mei dit tema?

Wolle jim nei oanlieding fan dizze Tsjil Tsjekt mear dwaan mei it tema?

Yn de metoade Spoar 8 binne ferskillende materialen te finen oer dit tema:

- Temateek: sjoch yn it tema 'Fyn it út' foar teksten, filmkes, spultsjes, boeketips en mear losse materialen. Bygelyks oer it sinnestelsel, oer sliepen en dyn biologyske klok en nachtbisten.
- Taalaktiviteiten:  
Yn de taalaktiviteit 'Reis troch de romte' meitsje jim in skoatboek oer de romte. Wat kinne jim dêroer fertelle?  
De taalaktiviteit 'Eise Eisinga' leart jim alles oer it libben en wurk fan Eise Eisinga, dy't ferneamd is om syn Planetarium.
- Projekten:  
Yn it projekt 'Meitsje it mei technyk' (makke foar groep 6) leare de learlingen oer technyske beroppen en yn it projekt 'Tiid foar de takomst' (makke foar groep 8) tinke learlingen nei oer útfiningen dy't yn de takomst miskien dien wurde sille.
- Fryske boeken by it tema:  
'Hoe is it yn de romte?' fan Katie Daynes – in ynformatyf boek oer de romte mei in soad yllustraasjes en koarte teksten

Yn it tydskrift Tsjil steane neist ferskillende teksten oer lêzen en dy thúsfiere ek nijsgjirrige nijsjes, spultsjes en in strip!

Noch gjin Spoar 8 en/of Tsjil by jim op skoalle? Freegje de metoade en it tydskrift hjir FERGEES oan:

<https://taalplan.frl/oanmelde/>

